



Koalysje-akkoart 2015 – 2018 tusken
de fraksjes fan CDA, FNP en ABD yn de
gemeenteried fan Dongeradeel

Koalysje-akkoart 2015 – 2018

“Mear Romte oan de Mienskip”

17 desimber 2015

Ynlieding

Wy wolle yn Dongeradeel wurkje oan in fitale en fearkrêftige mienskip. In mienskip dy't fol selsbetrouwen kânsen pakt en oantoant dat in stabilisearjende of krimpjende befolking gjin bedriging hoecht te wêzen.

It unike plak oan de Waadsee, de sintrale lizzing tusken de gruttere sintra Ljouwert, Drachten en Grins en de eigen identiteit en potinsje fan regio-stêd Dokkum jout ús gemeente ek in wichtige opdracht om Noardeast Fryslân definityf op de kaart te setten as in unyk wurk-, wen- en leefgebiet. Oantreklik foar minsken om te wenjen, foar besikers om harren mei it lânskip te ferbinen en foar bedriuwen en selsstannigen om harren bliuwend te fêstigjen.

Wy nimme yn dit koalysje-akkoart de Strategyske Aginda Dongeradeel as útgangspunt foar it trochtinken fan ús takomstfysje mei boargers en maatskiplike partners.

De aginda wurdt dêrmei dynamysk en trochgeand. De aginda fernijt himsels om't de mienskip har ûntwikket en boargers nije kânsen sjogge en oare útdagings oangean. Wol kinne wy in oantal stjoerende kearnwearden beneame, dy't wy as reade tried hieltyd sintraal stelle wolle yn 'e kommende riedsperiode. Dat binne de folgjende:

1. Rjochte op 'e takomst: wy wolle fierder sjen dan de kommende fjouwer jier om't foarútgong, berikberens en duorsumens saken foar de lange termyn binne;
2. Rjochte op 'e boarger: wy geande foar belutsen boargers dy't mei-inoar ynfolling jouwe oan de eigen leefomjouwing en in taal en kultuer fasilitearre wurde om de eigen Fryske identiteit foarm te jaan;
3. Rjochte op 'e mienskip: wy skeppe romte foar de mienskip mei minder regels en stimulearje mear ûnderlinge ferbûnens yn sterke mienskippen mei in goede sprieding fan mienskiplike foarsjennings;
4. Rjochte op 'e ûndernimmers: ûndernimmers binne de motor fan ús mienskip. Hja soargje mei foar wurk, wolfeart en leefberens. Undernimme moat dêrom makliker makke wurde;
5. Soarchbewust: wy riede ús optimaal ta op de nije taken yn it sosjale domein mei behâld fan solidariteit tusken earm en ryk, âld en jong en sûn en siik;
6. Bestjoerlik bewust: wy wolle in lytsere organisaasje wurde yn in grutter ferbân en mear gearwurkje op regionaal nivo mei de provinsje, wetterskip en gemeenten;
7. Finansjeel bewust: wy lizze ús de noarm op fan begruttingslykwicht mei in legere skuld posysje en **gemiddelde wenlêsten foar de boarger hokker net útkomme meie boppe it DDFK gemiddelde neffens de Coelho Atlas gegevens.**

Wy ha it koalysje-akkoart ynrjochte neffens de seis opdrachten út it oerdrachtdokumint 2014. Yn de nije opset fan de Programmabegrutting wurde dizze seis opjeften standert opnommen yn elts programma binnen de begrutting. Wy stelle ús foar dat it út te wurkjen kolleezjeprogramma yndield wurdt neffens de programma's yn de Programmabegrutting. Dêrmei krije de útgangspunten fan dit koalysje-akkoart in útwurking binnen alle tema's yn de begrutting.

Iepenbiere Romte op Oarder

De gemeente hat in oantal ferplichte wetlike taken en in oantal útfierende taken om de fysike leefomjouwing op oarder te bringen en te hâlden. De wetlike taken geane benammen oer de romtlike ynrjochting, it tafersjoch dêrop en de miljeutechnyske aspekten dêrfan.

De ferhâlding tusken boarger en bestjoer is hjir benammen juridifisearre. It doel fan dizze ferhâlding tusken bestjoer en boarger is om foar te kommen dat boargers elkoar ûnderling yn in neidielige posysje bringe troch aktiviteiten te ûntwikkeljen dy't ûnderling oerlêst feroarsaakje kinne en de leefomjouwing oantaaste.

Dat hat lykwols lieden ta te (folle) regels. Boargers bliuwe passyf en fiele gjin direkte eigen ferantwurdlikens om rekken te hâlden mei de oar. Dat moat trochbrutsen wurde.

De gemeente Dongeradeel beskôget de (hegere) wetlike regels dy't jûn binne tenei as de boppegrins fan regeljouwing en sil sels gjin oanfoljende regels (in kop op wetlike regels) mear fêststelle. Dêr wêr't dat wol bard is docht it kolleezje foarstellen om dy regels ôf te skaffen. Dat betsjut dat ramtewetjouwing dy't troch hegere oerheden dêr't gjin ferplichting ta bestiet om neiere regels fêst te stellen, as folslein beskôge wurdt en dat allinnich yn gefal fan yndividuele oanfragen dêr't gebrûk makke wurdt fan metoadiken as "de Nije Pleats" oanfoljende regels ôfsprutsen wurde meie as de dielnimmers dêrom freegje.

Jierplannen tafersjoch en hanthavening sille tenei útgean fan in peridyk en kompakte skriftlike rapportaasje troch de fergunninghâlder sels (standert format) op fan te foarren bepaalde ûnderdielen. Tafersjoch fynt plak op basis fan ôfspraken dy't fan te foarren makke binne.

Binnen de ferskate beliedsdomeinen is sprake fan in fêst ritme yn fernijing fan beliedsnota's, -notysjes en -plannen. Dat freget in soad amtlike tariedingstiid benammen troch de detailleardheid dêr fan. Tagelikertiid soarget dy detailleardens geregeld foar de urginsje om plannen wer oan te passen. Ek dizze "bestjoerlike lus" moat trochbrutsen wurde.

Beliedsplannen kenne tenei gjin ferfaldatum mear. De plannen jouwe dúdlike útfieringsopdrachten en yn de plannen wurdt in periodike evaluaasje fan it maatskiplik effekt fan it fierde belied opnommen. Allinnich in riedsbeslút jout opdracht ta it opstellen fan nij (ramtstellend) belied.

Oan it realisearjen fan de hjirboppe beskreaune beliedsfoarnimmers ferbine wy noch in spesjale opdracht. It kolleezje biedt foar 1 jannewaris 2015 oan de ried in plan oan ta ferienfâldiging fan de beliedssykus op dêrfoar yn oanmerking kommende beliedsmêden, ferienfâldiging fan de regeljouwing (wêr mooglik skrasse fan regels) en ferienfâldiging fan tafersjoch en hanthavening. Dat plan befettet foarstellen ta in besuniging op de formaasje fan € 500.000 struktureel en jout oan hokker aktiviteiten en de dêrfoar bestege formaasje oeren skrast wurde. By realisearjen fan de besuniging wurdt dit bedrach lykweardich ferhege mei 30 % op ûndersteunende funksjes.

De plannen foar de ûntwikkeling fan Holwerd oan See biede in soad perspektyf. Foar ús hat dit in hege prioriteit by it besteedzjen fan frijkommende middels.

Fierder sjogge wy in soad kânsen foar profesjonalisearjen fan de rekreaasje en it toerisme yn ús gemeente. Dêrom wolle wy in bedrach fan op syn minst € 250.000 struktureel (fergelykber gemeentlike bydrage oan Súd Ie, fase 1) frijmeitsje foar de útfiering fan it útfieringsplan rekreaasje en toerisme, ynklusyf Holwerd oan See. Ynspylje op de oanwizing fan Ljouwert as kulturele haadstêd fan Europa yn 2018 jout ekstra kânsen. Foar takenning fan gemeentlike middels jildt it betingst fan romhertige ko-finansiering troch Ryk, provinsje, wetterskip en (private) treden.

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **De gemeente Dongeradeel beskôget de wetlike (hegere) regels dy't jûn binne as in maksimumgrins fan regeljouwing en sil gjin oanfoljende regels (kop op de wetlike regels) mear fêststelle;**
- **Net ferplichte en troch de gemeente fêststelde oanfoljende regels wurde ôfskaft;**
- **De metodyk fan de "Nije Pleats" wurdt breed tapast om plannen realisearber te meitsjen dy't driigje op slot setten te wurden troch ynfleksibele regeljouwing;**
- **Jierplannen tafersjoch en hanthavening jouwe in aktivere rapportaazjesrol oan de fergunningjouwer; by tafersjoch stiet ynstimming fan wjerskanten sintraal;**
- **Beliedsplannen kenne gjin eindatum mear;**
- **De gemeenteried stelt de opdracht fêst foar in beliedsdokumint;**
- **Troch ferienfâldiging fan de beliedssyklus, regeljouwing, tafersjoch en hanthavening wurdt in besparing realisearre fan struktureel € 650.000;**
- **It plan "Holwerd oan See" kriget prioriteit by it besteedzjen fan nije middels;**
- **Der wurdt in bedrach fan op syn minst € 250.000 struktureel frijmakke foar it útfieringsplan rekreaasje en toerisme en Holwerd oan See;**

Ferbûne doarpen

De gemeente sil de kommende jierren mear ôfhinklik wêze fan de reewilligens fan boargers om elkoar te helpen. Foldwaande wenkwaliteit en berikberens fan foarsjennings wurde fûnemintele fraachstikken foar de doarpen. Mei de doarpen moat socht wurde nei tûke gearwurkingsfoarmen om de basisfoarsjennings hinne. Net alle doarpen kinne beskikke oer alle foarsjening mar troch se tûk te klusterjen tusken de doarpen bliuwe se wol berikber. In weromlûkende oerheid biedt doarpen mear frijheid yn de kar foar eigen behear fan sa wol ynfrastuktuer as foarsjennings. It kolleezje komt mei foarstellen foar in oare rolnimming fan de gemeente basearre op goede ûnderfinings earne oars. Doel is om buert-, wyk- en doarpsinisytiiven, stipe troch in útfieringsbudzjet, mooglik te meitsjen. Dêrby kin tocht wurde oan ûnderhâld grienfoarsjennings, (sport)akkommodaasjes en ferkearsferwizings. Ek de ynset fan doelgroepen as WWB en WSW is dêrfoar in mooglikheid dy't foar de hân leit.

De gemeente Dongeradeel is oanheakke by it inisjatyf fan de Agenda Netwerk Noord Oost (ANNO) op it ambysjeprojekt "Regionale afstemming voorzieningen". Der is ûndersocht wat de gefolgen binne fan de befolkingsûntwikkelingen foar de foarsjennings yn de regio. Yn de rapportaazje binne in oantal senario's opnommen foar sprieding fan foarsjennings lykas basisskoallen, foarset ûnderwiis, sportfoarsjennings en doarpshuzen. It giet om tinkmodellen op basis fan objektive kritearia.

Der wurdt op dit stuit wurke oan it projekt "Atlas van Noordoost Fryslân", dêr't it ûndersyk yn ferbrede is mei de tema's wenjen, soarch en wolwêzen. Wy sille mei ús ynweners yn petear om mei dizze ynformaasje in takomstbestindige struktuer foar ús doarpen te ûntwikkeljen. Dêrnjonken nimt de gemeente it inisjatyf foar it stimulearjen fan in startersmerk binnen de wenningmerk en it beskikber kommen fan mear soarchwenten troch dizze planologysk mooglik te meitsjen. It behâld fan hierwenten yn stêd en doarp wurdt provinsjaal en lanlik bepleite by hegere ynstânsjes dy't it foech ha.

De gemeente besint har op har rol as stimulator fan kultuerprojekten yn de mienskip. Dêrfoar wurdt de kultuernota aktualisearre mei oandacht foar:

- It kulturele erfgoed in de gemeente op it mêd fan tsjerken en besinning;
- It stypjen fan produksjes dy't troch eigen befolking útfierd wurde;
- Mear kultueroanbod foar bern en jongerein mei oandacht foar de Fryske taal;

- In kultuerfûns foar bysûndere projekten en aktiviteiten;

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **De gemeente komt mei foarstellen om buert-, wyk-, en doarpsinisjativen ta behear fan de eigen leefomjouwing en foarsjennings te stypjen mei in eigen útfieringsbudzjet;**
- **De inisjativen fan ANNO yn it ambysjeprojekt “Regionale afstemming voorzieningen” wurde benut foar gearwurking mei ús ynweners oan in takomstbestindige doarpestruktuer;**
- **De gemeente nimt inisjatyf foar it stimulearjen fan in startersmerk binnen de wentemark, makket it beskikber kommen fan soarchwenten planologysk mooglik en nimt provinsjale en lanlike inisjativen by hegere ynstânsjes dy’t it foech ha foar it behâld fan hierwenten;**
- **De kultuernota wurdt aktualisearre;**

Regiostêd Dokkum en de doarpen

It hert fan de lokale ekonomy yn Dongeradeel binne ús (famylje)bedriuwen, ús lânbouwers en de lytse (begjinnende) ûndernimmers. Yn dizze tiid hat in oantal fan harren it dreech. De ekonomyske krêft fan Dongeradeel moat dêrom fersterke wurde. Banen hâlde en krije is de opdracht. Undernimmen is in private oangelegenheid. De gemeente kin dy banen net sels meitsje mar kin der wol alles oan dwaan om it ûndernimmen makliker en oantrekliker te meitsjen.

De earste pylder is it ûndernimmersklimaat. Dêr wurdt al hurd oan wurke.

Dokkum ûntwikket har fierder as it wichtichste regionale sintrum fan Noardeast Fryslân. De Sintrale As sil realisearre wurde en Dokkum sil dêrtroch oanheakke wêze op it stelsel fan autosnelwegen yn Nederlân. It Sosjaal-Ekonomysk Masterplan sil wat ús gemeente oanbelanget trochûntwikkele en útfierd wurde om te profitearje fan nije kânsen foar berikberens en wurkgelegenheid. Mar ek de fysike ynrjochting fan stêd en doarp kin it ûndernimmerskip tsjinje, njonken oare funksjes fan de iepenbiere romte. By plannen ta fernijing fan de iepenbiere romte nimt de gemeente it inisjatyf om de ferskate gebrûkers yn in ier stadium te belûken yn ynteraktive en kreative sesjes. Amtlike kapasiteit wurdt ynsetten om dat proses te stypjen. Der wurde gjin útwurke plannen mear yn ynspraakprosedueres brocht as dêr gjin “ateliersesje” fan belanghawwende partners oan foarôf gien binne.

De twadde pylder is it fieren fan dúdlik ûndernimmersbelied. En dat begjint mei mear romte foar ûndernimmers troch ienfâldiger regeljouwing, ûnnedige regels ôf te skaffen, minder kontrôle en mear betrouwen. Fierder wolle wy de kânsen fan lokale oannimmers yn oanbestegingen fergrutsje en wurdt der neigien hoe’t it startersbelied en it akwisysje- en promoasjebelied fersterke wurde kin. Yn it ûndernimmersbelied past ek in fersterking fan de “Gouden Driehoek” (oerlizzen tusken bedriuwslibben – ûnderwiis – gemeente). Doel dêrfan is om skoallen mear praktykbewust te meitsjen, oan jongeren staaazjes oan te bieden dêr’t dat mooglik is folge troch (part-time) wurk sadat binning oan de regio fersterke wurdt. Dat kin gean fan ûnderwiis, leartrajekten foar jongerein ta it organisearjen fan effektive partisipaasjeprojekten foar minsken yn de bystân, ynklusyf de noch besteande doelgroep fan de WSW.

De tredde pylder is ús tsjinstferliening oan bedriuwen. Wy ha al oanjûn hoe om te gean mei ferienfâldiging fan regeljouwing. Dêr heart ek by dat de ûndernimmer better begelied wurdt yn oerheidsprosesses en prosedueres om har of syn ûndernimming fierder ûntwikkelje te kinnen. Dat betsjut in persoanlike benadering troch accounthâlderskip binnen de gemeentelike organisaasje te regeljen: de organisaasje besiket de ûndernimmer en hannelt de saken by foarkar op lokaasje ôf. Fierder wurdt binnen de gemeentelike organisaasje in oanjaachfunksje foar ûndernimmers foarme, dy’t de taak kriget de ekonomyske funksje en de

accounthâldersfunksje foar ûndernimmers te coachen by prosessen dêr't ûndernimmersbelangen by oan 'e oarder binne.

Hjir wurdt in permanint team foar foarme dêr't op syn minst in ôfdielingsmanager en in portefúlgehâlder yn opnommen binne. Dit team kriget ek opdracht te sykjen nei de "best practices" yn it lân foar fersterking fan de ekonomyske, op de ûndernimmers rjochte, gemeentelike funksjes.

De fjirde pylder binne de foarsjennings. Foar Dokkum as "regiostêd foar no en yn de takomst" is it fan grut belang dat de foarsjennings op oarder binne en passe by in regiostêd mei alluere. Dêr sil yn ynfestearre wurde moatte. De gemeente ûndersiket de mooglikheden om "wurk mei wurk" te meitsjen. Foar Dokkum wurdt ûndersocht as ferpleatsing fan sporthal "De Trimmer" in begjin wêze kin foar fierdergeande werûntwikkeling fan "It Harddraverspark".

It mooglik meitsjen fan winkeliepenstelling op snein is in mienskiplike ferantwurdlikens en past binnen de rânebetingstskeppende rol fan de gemeente yn it ekonomyske ferkear. Yn dy sin is it in ferantwurdlikheid dy't net allinnich yn de foarm fan in ferbod- of gebodsbepaling te regeljen is. Dêrby past likegoed respekt foar de (religieuze) belibbing fan de snein foar in soad boargers yn ús gemeente, as ek de mienskiplike belangen fan sa wol wurkjouwers as wurknimmers. Sjoen de soarchfâldige ôfwaging fan de ferskate belangen, past in weromhâldende rol fan de oerheid. Iepenstelling op snein wurdt dêrom mooglik, wol mei beperkingen.

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **Stimulearje fan ûndernimmen yn Dongeradeel ken fjouwer pylders, nammentlik:**
 - a. **Undernimmersklimaat**
 - b. **Undernimmersbelied**
 - c. **Gemeentlike tsjinstferliening oan bedriuwen**
 - d. **Foarsjening yn Dokkum**
- **It Sosjaal-Ekonomysk Masterplan Noardeast Fryslân is gids foar de fierdere ekonomyske ûntwikkeling fan Dokkum en regio en wurdt dêrfoar periodyk aktualisearre;**
- **De fysike ynrjochting fan stêd en doarp kin û.o. it ûndernimmerskip tsjinje; wizinging dêryn wurde yn in ynteraktyf proses mei belanghawwende gebrûkers fan de iepenbiere romte yn ko-kreative foarmen getten (bygelyks aterliersesjes);**
- **Fersterking fan de "Gouden Trijehoek" yn gearwurking mei de hjoeddeistige partners;**
- **Ienfâldiger regeljouwing, ûnnedige regels ôfskaffe, minder kontrôle en mear betrouwen;**
- **It fergrutsjen fan kânsen fan lokale oannimmers yn oanbestegingen;**
- **Fersterking fan it startersbelied, akwisysje en promoasje;**
- **It ûndernimmen yn Dongeradeel wurdt makliker makke troch it organisearjen fan in gemeentelik accounthâlderskip by gemeentlike prosedueres;**
- **It ynrjochtsjen fan in oanjaachfunksje foar it ûnderstypjen fan ûndernimmers;**
- **Der wurdt socht nei "best practices" yn it lân foar fersterking fan de ekonomyske, op ûndernimmers rjochte, gemeentlike funksje;**
- **Foar Dokkum binne de foarsjennings op oarder en passend by in regiostêd mei alluere;**
- **Undersocht wurdt of renovaasje fan sporthal "de Trimmer" ek net in begjin wêze kin foar in fierdergeande werûntwikkeling fan it "Harddraverspark";**
- **winkels yn de gemeente meie op syn heechst 12 sneinen per kalinderjier iepen tusken 12.00- 17.00 oere.**

- **Supermerken yn de gemeente meie eltse snein iepen tusken 12.00 - 17.00 oere en foar winkels op de pier yn Holwerd en yn Esonstad jilde gjin tiidsbeheinings..**

Selsredsume Boargers

De útdagingen yn dizze opdracht binne grut. De sosjaal-ekonomyske status fan ús gemeente en de regio is relatyf leech troch in gemiddeld heech oantal lege ynkommens, relatyf in soad minsken yn in útkearingssitewaasje en in gemiddeld leger opliedingsnivo. Dêr komt noch by dat de ôfhinklikheid fan útkearings ûndertusken yn meardere gesinnen oergiet op de folgjende generaasje (“fererving” fan sosjale problematyk). Dizze ôfhinklikheid wolle wy sa folle mooglik foarkomme.

Us doel is as earste om dizze sitewaasje op it lanlike gemiddelde te krijen. Dat is in hege ambysje en dat begjint mei it ferbetterjen fan it gemiddelde opliedingsnivo. De twadde ynset is om, wêr’t dat mar in bytsje kin, de boarger fan útkearing nei wurk te bringen.

Wy sette dus as earste yn op ferbettering fan de kwaliteit fan it ûnderwiis, ôfstimming tusken ûnderwiis en bedriuwslibben en in betelber ûnderwiishúsfestingsplan dat him ûnderskied troch draachflak (belang fan it bern, droegen troch âlders, learkrêften en skoallebestjoeren), romte foar behâld fan identiteit, berikbere en takomstbestindige skoallen, evenredich ferdield oer stêd en doarp. Dat is in opjefte dy’t mei beoardiele wurde moat yn de kontekst fan it “Ambitieproject Regionale voorzieningen” fan de ANNO aginda. It ûnderlizzende prinsipe is dat kwaliteit fan wenjen yn de doarpen de wiken net efterút giet troch de krimp fan de befolking en dat gearwurking, bondeling en klustering van foarsjennings - **sa as bygelyks in "brede skoalle** - ynstruminten binne om dat tsjin te gean. As earste ferwachtsje wy fan it ûnderwiis sels dêr de needsaaklike plannen foar. Omdat ûnderwiis in driuwende krêft is fan ekonomyske foarútgong draacht de gemeente in eigen ferantwurdlikheid foar de betingsten wêr’t dat op har grûngebiet ûnder organisearre is en útfierd wurdt.

In stimulearjende en koördinearjende rol past dêr goed by. Fan dat perspektyf út wei stimulearret de gemeente gearwurking tusken skoallen, sa wol binnen as bûten de gemeente, lykwols mei respekt foar de eigen identiteit en ferantwurdlikheid fan skoallebestjoeren.

Foar- en betiidskoalske edukaasje wurdt ôfstimd as in trochrinnende learline foar alle bern fan 0 -12 jier. Fan it kolleezje wurdt in konkreet plan frege dat der yn 2017 yn resultaat dat de helte fan alle basisskoallen trijetalich is, alle pjutteboartersplakken twatalich binne en dat mediateken tarêste binne op meartaligens.

De twadde hege ambysje is om, dêr’t it mar in bytsje kin, de boarger fan útkearing nei wurk te bringen.

It ynstrumintarium dat, dat ûnderstipet kin mear “ûntskotte” ynsetten wurde troch ûntwikkelingen as de nije “Participatiewet”. De gemeente Dongeradeel wol dat maksimaal benutte. De ynsette beweging fan in yntegrale beoardieling fan needsaaklike stipe (ûntskotting), yn de foarm fan bygelyks petearen thús, sille yn de folle breedte tapast wurde. Binnen de oer te dragen Ryksbydragen (nei tapassing fan de koartingspersintaazjes) foar de desintraalisaasjedossiers binne ek útfieringskosten opnommen. Dizze kosten wurde apart yn byld brocht en brûkt foar it ynrjochtsjen fan in goed rinnende útfieringsorganisaasje.

De gemeente draacht in eigen ferantwurdlikens foar wurkgelegenheid foar jongerein en foar minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk. Arbeid foar de hjirfoar neamde doelgroepen wurde binnen it gemeentlik takepakket yn de kommende jierren yntinsyf ferflochten mei de soarch. Dêrfoar is nedich dat der op gearwurking rjochte, mar ek saaklik wurke wurdt mei oanbieders fan soarch om ús boargers op maat betsjinje te kinnen. Efficiency en (maatskiplike) effektiviteit fan dat aanbod is bepalend oft wy der yn slachje om de soarch tsjin legere kosten ferliene te kinnen sûnder dat skotten tusken regelingen en ynstellingen ús yn it paad steane.

Ek ús "eigen" ynstellingen, lykas NEF en GGD, sille oan dy easken foldwaan moatte. Foar wat dat oanbelanget sil de talieding nei wurk, wêr't dat kin, ek de gemeentlike organisaasje noch mear minsken opnimme kinne. Ynskeakeling fan eigen meiwurkers foar de begelieding hat dêrby uze foarkar.

Jongerein oant 30 jier, dy't in oanfraach yntsjinje foar in útkearing, krije tagelikertiid in opliedingstrajekt oanbean en wurde dêrnjonken pleatst yn projekten foar frijwilligerswurk. Aldere wurknimmers boppe de 55 jier ha oantoanber minder kâns op weryntreding op betelle wurk. Wy geane derfan út dat ynsette fan krappe partisipaasje-budzjetten as earste ynsetten wurde op de generaasje jongerein.

It ûnderstypjen oan jongerein wurdt sa folle mooglik fuortendaliks ynsetten op basis fan in aktiviteiteplan en wurdt apart finansiere. Dêrfoar wurdt in jongereinfûns foarme dêr't de middels foar oerhevele wurde út de middels foar jongereinwurkers. Dizze funksjes wurde net langer subsidiearre.

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **De tsjinstferliening oan de boarger op de desintralisaasjedossiers sil sa breed mooglik plakfine troch de metodyk fan petearen op lokaasje (keukentafelpetearen) en fan it begjinsel út wei dat de tsjinstferliening yntegraal (ûntskotten) is. Binnen de middels dy't dêrfoar beskikber binne wurdt in goed rinnende útfieringsorganisaasje ynrjochte;**
- **De gemeente set yn op ferbettering fan de kwaliteit fan it ûnderwiis en draacht in eigen ferantwurdlikens foar de wize wêr't dat op har grûngebiet op organisearre en útfierd wurdt; de gemeentlike rol is in stimulearjende en koördinearjende rol;**
- **De gemeente giet foar in betelber ûnderwiishúsfestingsplan dêr't draachflak foar is, romte foar en behâld fan identiteit, berikbere en takomstbestindige skoallen, evenredich ferdield tusken stêd en plattelân;**
- **Gearwurking, bondeling en klusterling sa as in saneamde "brede skoalle", binne ynstruminten om efterútgong fan kwaliteit fan wenjen yn de doarpen troch krimp fan de befolking tsjin te gean;**
- **De gemeente stimulearret gearwurking tusken skoallen, sa wol binnen as bûten de gemeente, mei respekt foar de eigen identiteit en ferantwurdlikens fan skoallebestjoeren;**
- **Foar- en betiidskoalske edukaasje wurdt ôfstimd as in trochrinnende learline foar 0 – 12 jierrigen.**
- **Fan it kolleezje wurdt in konkreet plan frege dat der yn 2017 yn resultaat dat de helte fan alle basisskoallen trijetalich is, alle pjutteboartersplakken twatalich binne en dat mediateken tarêste binne op meartaligens.**
- **De gemeente giet troch mei in aktyf taalbelied foar de gemeente en foar de skoallen wat ynhâldt dat de gemeente trochgiet mei it promoaten fan taalgebrûk yn twa talen (Frysk en Nederlânsk) en twataligens opnimt as subsydzjebetingst yn de algemiene subsydzjeferoardening;**
- **Wêr mooglik wurde yn de gemeentlike organisaasje banen kreëarre foar minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk;**
- **Jongerein, dy't in oanfraach yntsjinje foar in útkearing, krije tagelyk in opliedingstrajekt oanbean en wurde dêrnjonken pleatst yn projekten foar frijwilligerswurk;**
- **Der wurdt in jongereinfûns foarme foar it organisearjen fan aktiviteiten foar jongerein; de finansiering fynt plak út it budzjet foar jongereinwurkers; dizze funksje wurdt net langer subsidiearre.**

Duorsum feroarje

Duorsum feroarje giet om it ferlieden fan it yndividu om him oars te gedragen. Dat keppelje wy yn ús gemeente foar de middellange termyn oan fjouwer ûnderwerpen, nammentlik:

1. Organisaasje fan de soarchferliening
2. Enerzjyproduksje en –gebrûk;
3. Ferdieling fan maatskiplike ferantwurdlikens tusken gemeente, mienskip, stêd en doarpen en bestjoerlike gearwurking/fúzje yn de regio;
4. Deregulearring.

Organisaasje fan de soarchferliening

Yn de ûntwikkelopjefte “de selsredsume boarger” binne wy al yngien op de wizigingen yn it soarchstelsel (de trije desintralisaasjedossiers).

Feroaringen geane lykwols net fansels. Der sil mei alle partners yn de soarchketen praten wurde moatte oer de rollen en de ferantwurdlikheden fan allegear en de ferwachtingen dy't dêr oer besteane. Dat jildt ek foar de lytsere soarchynstellings yn de gemeente en de boarger dy't soarch nedich hat.

Der binne twa kearnprosessen dêr't de nije wurkwize op basearre wurde sil, nammentlik it gebietsgerjocht wurkjen en it ynkeapproses.

Binnen it gebietsgerjocht wurkjen giet in soad “trochpakmacht” nei de “frontlynje” (de gebietsteams).

De opdrachtferliening oan de gebietsteams is in taak en rol fan de gemeente en dus fan kolleezje en ried. Dat giet troch middel fan it fêststellen fan de doelstellings (ried) en de útwurking dêrfan en troch middel fan mooglike arranzjeminten mei boargers en de bekostiging dêrfan (kolleezje). De totale bekostiging beheart fansels ta it budzjetrijocht fan de ried.

Mei dizze rjochtingjouwende beliedskeuzes sille de meiwurkers oan de slach. Dêrfoar is in rom mandaat nedich om yn gearspraak mei de boarger it persoanlike soarchpakket gear te stellen.

De gemeente kiest dus foar de regisseursrol en dêrmei foar gearwurking tusken partners. Ketengearwurking stiet foarop wêr't de ekspertize fan de partners troch bondele wurdt.

Boargerinisjativen om soarchferliening as maatskiplike ferantwurdlikens ek (foar in part) sels te organisearjen kin mei subsydzjes stipe wurde. Foar de ynkeap fan soarch fan besteande partners wurdt yn elts gefal foar de earste twa jier bestjoerlik oanbestege (in ramte-oerienkomst sûnder ôfnameferplichting).

Dêrmei is de rol fan de gemeente noch net ôf. It giet om in transysje dêr't de rollen fan alle spilers yn feroarje. Der sille nije netwurken foarme wurde en beheard. Dêroer sil it petear noch úteinsetten wurde. Dêrby hat de gemeente de rol fan inisjatyfnimmer. It kolleezje makket noch dit jier in plan hoe't dat yn de kommende jierren oan te pakken.

Enerzjyproduksje en –gebrûk

Duorsum as útdrukking fan in mienskip dy't harren bewust is fan har ferantwurdlikens foar de oerdracht fan in “sûne”planeet oan har erfopfolgers ken ek yn ús gemeente de nedige inisjativen. Njonken de rinnende inisjativen (Dongeradeel hat Enerzjy) komt it kolleezje mei in enerzjynota dêr't oandacht yn bestege wurdt oan skjinne (alternative) enerzjybronnen en dêr't foarstellen yn steane om duorsumens te stimulearjen yn de mienskip en by de oerheid. It kolleezje set him, binnen de wetlike mooglikheden, der foar yn dat der gjin Mega Wymûnen yn ús gemeente oprjochte wurde kinne.

Maatskiplike ferantwurdlikens

De takomstige ferdieling fan maatskiplike ferantwurdlikens tusken de gemeente, de mienskip, stêd en doarpen is yn de hjirfoar beskreaune opdrachten al oan de oarder west.

De wichtichste yngrediïnten fan dit ûnderwerp binne de sprieding fan foarsjennings oer de doarpen, nije ôfspraken oer behearstaken tusken gemeente en doarp/wyk en de oanpak fan de nije gemeentlike taken op it mêd fan soarch en arbeid.

Bestjoerlike gearwurking

De bestjoerlike gearwurking/gemeentlike fúzje yn de regio is de ôfrûne fjouwer jier net folle fierder kommen. De amtlike gearwurking wurdt hieltyd grutter mar wurdt net belein mei mear yntegraal bestjoer. De posysje fan de gemeente Dongeradeel yn dy diskusje is helder. De gemeente giet foar weryndieling en in (tydlike) amtlike fúzje is allinnich akseptabel as dat it berikken fan dat doel ûnderstipet. Der is yn de ûnderlinge posysjes fan de beëage fúzjepartners in patstelling ûntstien. Wy fiele it as ús ferantwurdlikens om by te dragen oan it organisearjen fan beweging. Dêrby stiet respekt foar de beëage fúzjepartners foarop. Wol wolle wy resultaten berikke yn de kommende fjouwer jier op dit ûnderwerp. Dit giet út fan twa spoaren. Yn it earste spoar sille wy dielnimmen bliuwe oan alle foarmen fan oerlis tusken de fjouwer partners om ta bestjoerlike fúzje/weryndieling te kommen. It twadde spoar is dat wy ek in alternatyf plan mei minder dan fjouwer oan bestjoerlike fúzje dielnimmende gemeenten besprekber meitsje wolle. Dat kin as der binnen de beëage fjouwer fúzjepartners yndividuele gemeenten ree binne ôfspraken (in yntinsje-oerienkomst) mei ús te meitsjen oer in fúzjedatum dy't foar de riedsferkiezings yn 2018 leit. Wy rinne dêrmei foarút op in mooglike bestjoerlike fúzje tusken de fjouwer beëage partners. Ta de hjirfoar bedoelde fúzjedatum is in amtlike fúzje tusken de organisaasjes fan de fjouwer partners wat ús oanbelanget mooglik as tuskenstap. Dêrnei kinne partners, dy't noch net besletten ha ta in bestjoerlike fúzje, in tsjinstferlieningsoerienkomst ôfslute mei de gemeente fan de dan wol fuzearre partners.

Deregulearring

Oer deregulearring ha wy de nedige foarstellen binnen de opdracht "Romte op oarder" dien. Oanfoljend dogge wy hjir noch it foarstel om, yn gefal oanfoljende gemeentelike regeljouwing ferplichte of winske is, yn gemeentlike feroarderingen wol in ferdaldatum op te nimmen. Dat soarget der foar dat perodyk neitocht wurdt oer it hanthavenjen en/of it bystellen fan al fêststelde regels.

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **De útfiering fan de desintralisaasjedossiers wurdt rjochte op it mêd oanpakt en yn de earste twa jier mei in bestjoerlik oanbestegingsproses;**
- **De doelstellingen fan it ynhâldlike soarch- en partisipaasjebelied wurde troch de gemeenteried fêststeld, keppele oan it budzjetrjocht fan de ried; it kolleezje wurket de doelstellingen út yn mooglike arranzjeminten mei yndividuele boargers en de foarm en kritearia foar bekostiging;**
- **Ketengearwurking mei partners stiet foarop wêr't ekspertize fan partners troch bondele wurdt (gemeente as regisseur);**
- **Boargerinisjativen om soarchferliening as maatskiplike ferantwurdlikens ek (foar in part) sels organisearje te kinnen wurde stipe, dêr't dat nedich is ek finansjeel;**
- **De gemeente set har yn om nije netwurken om soarchferliening hinne en partisipaasje op te rjochtsjen en te behearen.**
- **It kolleezje komt mei in enerzjynota dêr't oandacht yn bestege wurdt oan (skjinne) alternative enerzjybronnen (ynklusyf wynenerzjy) en dêr't foarstellen yn steane om duorsumens te stimulearjen yn de mienskip en by de oerheid;**
- **De gemeente Dongeradeel folget in twaspoarebelied yn it proses fan bestjoerlike gearwurking/weryndieling; yn spoar 1 is it doel om mei de fjouwer beëage gemeenten ta weryndieling te kommen; spoar 2 set yn op in minimaal te beheljen resultaat fan bestjoerlike fúzje tusken ien of meardere partners fan de**

beëage fjouwer yn dizze kolleezjeperioade, foarútrinnend op in brede weryndieling;

- **As der oanjouende of ferplichte gemeentlike (wetlike) regeljouwing nedich is dan wurdt yn de gemeentlike feroardering in ferfaldatum opnommen.**

Partnerskip tusken Boarger en Gemeente

Fan ús ynweners wurdt in aktyf boargerskip ferwachte. Dêrfoar moatte boargers ek de romte krije. Net allinnich fan de oerheid mar ek fan maatskiplike ynstellings. De kar oer de ynset fan saakkundigens leit yn it foarste plak by de boarger. De kar oer de ferplichting ta maatskiplike ynset leit oant op sekere hichte by de oerheid, benammen as de oerheid de yndividuele boarger finansjeel stipet en betingsten besiket te meitsjen foar in selsstannich bestean.

It sels organisearjend fermogen fan de boarger moat omheech en de rol fan de (amtlke) professional wurdt mear tsjinjend.

Der is sprake fan in relaasje fan wjerskanten en net langer fan ôfhinklikheid. De claim fan de boarger feroaret yn in fraach en in oanbod fan de professional yn in resultaat. Dat betsjut foar de gemeente konkreet:

- Dat aktyf yn de eigen organisaasje meiwurkers oplieden wurde op nije feardichheden dy't de beëage wurkwize better stypje;
- Troch it opdrachtjouwerskip kwaliteitseasken ferbine oan maatskiplike tsjinstferlieners dy't profesjonele tsjinsten leverje;

Ek it bestjoeren fan de oerheid en fan maatskiplike organisaasjes sil fan dit prinsipe út wei feroarje moatten. Riedslid en bestjoerder wêze yn in hurd feroarjende omjouwing freget in soad fan it yndividu dêr achter. Ek polityk as partnerskip sil ynbêde wurde moatte yn in mienskip dy't har mear yn netwurken organisearret.

Wy noegje alle partijen yn de gemeenteried út mei ús dêrfoar in plan fan oanpak te meitsjen. Ek foar ús jildt bewustwurding en it loslitten fan âlde gewoanten.

Wy kieze derfoar yn dizze nije riedsperioade te wurkjen mei in kombinaasje fan in koalysje-akkoart en in útwurke kolleezjeprogramma. It kolleezjeprogramma wurdt jierliks ûnderhouden troch in polityk jieraginda (juny o/m maaie) fêst te stellen.

Dêrmei jout de ried dúdlike prioriteiten oan it kolleezje mei.

Wy noegje alle partijen út mei te dwaan oan de útwurking fan it kolleezjeprogramma en de opstelling fan in politike jieraginda. Dêrfoar makket it nije kolleezje binnen twa wiken nei ynstallaasje in Plan fan Oanpak yn de foarm fan in opdracht fan de gemeenteried oan it kolleezje en leit dat oan de ried foar. Dêrby wurde ek de nij foarstelde bestjoerlike spulregels belutsen, lykas foarsteld yn it oerdrachtdossier. De earste resultaten fan in nije Planning en Control Syklus wurde yn dy oanpak ferwurke.

Dizze resultaten slagge benammen op de ûnderlinge rolferdieling tusken ried, kolleezje en amtlke organisaasje. Taken, ferantwurdlikheden en it foech moatte dêryn dúdlik wêze en der moatte gjin dûbelingen wêze. Boppedat moatte se foldwaan oan wetlike foarskriften.

Gearfetsjend: foar dizze opjefte jilde de folgjende spearpunten:

- **De gemeente sil yn de eigen organisaasje meiwurkers opliede op nije feardichheden dy't de beëage wurkwize fan aktyf boargerskip better stypje;**
- **Troch it opdrachtjouwerskip sil de gemeente kwaliteitseasken ferbine oan maatskiplike tsjinstferlieners dy't profesjonele tsjinsten leverje;**
- **Der wurdt yn dizze riedsperioade wurke mei in koalysjeprogramma en in útwurke kolleezjeprogramma, ûnderhouden troch in jierliks fêst te stellen polityk jierprogramma (juny o/m maaie);**

- **It kolleezje ûntwerpt binnen twa wiken nei ynstallaasje in plan fan oanpak foar de wize wêrop't de ried by de útwurking fan it kolleezjeprogramma belutsen wurdt;**

Finansjele Paragraaf

Bylage 2 fan it Oerdrachtdokumint 2014 giet wiidweidich yn op it finansjele perspektyf foar de kommende kolleezjeperioade. Wy sette yn op in slutende begrutting mei as rânebetingst dat belestingen maksimaal ferhege wurde kinne mei de ynflaasjekorreksje. Heffingen bûn oan direkte tsjinstferliening binne yn prinsipe kostendekkend. Hjirûnder jouwe wy yn in tabel oan yn hokker rjochting wy tinke om te kommen ta útjeftefermindering. Wy ha dêrby gegevens en ideeën út it Oerdrachtdokumint 2014 brûkt.

It strukturele begruttingsperspektyf is negatyf en ús ynset is net allinnich om dit negative saldo fuort te wurkjen mar ek nije middels te meitsjen foar nij belied. Wy dogge hjirûnder rjochtingjouwende útspraken oer de wize wêrop't wy tinke dat de besunigingen socht wurde kinne en nij belied mooglik is. In koalysje-akkoart moat nei ús opfetting ynsjoch jaan yn de reële mooglikheden fan in slutende begrutting. De koalysje stiet dêrby iepen foar it oerwaagjen fan wurkbere en effektive alternativen.

De rjochting dy't wy kieze giet besunigingen op foarsjennings as sportfjilden, swimbad, muzykskoalle en bibleteek op dit stuit út 'e wei. Wy geane der lykwols noch wol fan út dat wy yn de kommende tiid dizze útjeften kritysk besjen moatte omdat der doch mear besunigings nedich binne om ús doelstelling om middels frij te meitsjen foar nij beleid te realisearjen. Wy sille dan ek yn diskusje oer sprieding fan foarsjennings en dêr't dat mooglik is mear efficiency yn it behear dêrfan. Dêr heart ek mear frijwillige ynset fan gebrûkers en/op oerdracht oan merkpatrijen by.

By de besuniging op it ûnderhâld fan wegen geane wy no út fan in koarting op it budzjet mei 18 %. Reden dêrfan is dat wy yn de ôfrûne jierren te meitsjen hân ha mei in grutte ûnderbesteging. Op 'e nij beried oer it koartingspersintaazje is wat ús oanbelanget oan de oarder as wy op rekkeningsbasis minimaal 95 % fan de foarnommen bestegingen yn in begruttingsjier ek echt realisearre hawwe.

Wy dogge gjin foarstellen om it foardiel foar ien kear fan de Algemene Reserve te brûken. Wy wolle dat beskikber hâlde foar ynsidintele tsjinfallers en friksjekosten.

Hjirûnder sketse wy as startpunt it mearjierrich perspektyf nei ferwurking fan de septimber sirkulêre 2013. Dêrnjonken gean wy út fan de lêst bekende gegevens oer de stân fan de Algemiene reserve. De algemiene reserve lit in posityf saldo sjen nei tapassing fan de fêste noarmen fan 5 % plus 2% fan € 1.8 miljoen. It giet hjir om in foardiel foar ien kear.

Wy nimme as útgongspunt dat wy oprinnend oant 2017 in struktureel út te jaan bedrach yn de begrutting ha wolle fan omtrint € 1.5 miljoen. Dêrmei ha wy in buffer opnommen foar ferwurking fan de eksakte besunigingen, dy't it Ryk noch trochfiere sil yn de maaie sikulêre. It Kabinet hat oanjûn foarearst gjin besunigingen mear foarstelle te sille. By de fêststelling fan de gemeentebegruttings yn de kommende jierren sille wy alle jierren oanjaan hoe't it frij út te jaan budzjet derút sjocht. Mei de ried fiere wy dan de diskusje oer it opnimmen fan nij belied, njonken de foarnimmens fan nij belied ferwurke yn dit koalysje-akkoart.

	2015	2016	2017
Rekkenkeamer		32.000	32.000
Nofa	23.000	23.000	23.000
Yntegrale gebietsûntwikkeling		10.000	10.000
Wegenûnderhâld (18%)	331.000	603.000	603.000
Kaartbehear			27.000
Wetterwegen	19.000	19.000	19.000
Grienbehear	170.000	170.000	170.000
Behear gebouwen	112.000	112.000	112.000
ANNO budzjet	675.000	640.000	620.000
Re-yntegraasje budzjet	20.000	20.000	20.000
WSW/NEF	419.000	447.000	402.000
WWB	250.000	250.000	250.000
Offalstoffehewing kd	186.000	186.000	186.000
Toeristebelesting	26.000	26.000	26.000
Formaasjereduksje	250.000	500.000	750.000
Totalen	2.481.000	3.038.000	3.250.000
Begruttingsperspektyf	- 2.086.000	- 2.341.000	- 2.539.000
Winske einperspektyf	2.750.000	3.500.000	4.000.000
Noch te realisearjen	269.000	462.000	750.000

Dokkum, **17 desimber 2015**

Ut namme fan de CDA Fraksje,

Ut namme fan de FNP fraksje,

Ut namme fan de **ABD fraksje**,

